

Fryske Krite Hoarn
“Troch de Tael Forboun”

Y N H A L D

oktober 2021

Foarwurd foarsitter.....	2
Ledeberjochten.....	4
Útnoeging foar 30 oktober 2021.....	6
Ferslach jiergearkomste 2021.....	8
Douwe Egberts punten en de sponsors	12
De wurklist winterskoft 2021-2022	12
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	13
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	15

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Bêste kritefreonen,

Hwat is it in skoft lyn, dat it bestjoer fan de Fryske krite "Troch de Tael Forboun" jimme útnoegje koe foar in grutte jûn. Op sneon 30 oktober is it safier. Wy fiere it 110 jierrich bestean fan ús krite. It Akkrumer Dream Theater komt mei it stik 'Doazen'. It bestjoer traktearret, eltsenien komt fansels mei in poerbêst sin. Wy hoopje op in moaie folle seal folk en wat is it bestjoer dan ek bliid. Ik sjoch der tige nei út.

Op 24 septembar wier der in mooie opkomst by de ledengearkomste. En it wie in goeie jûn. Mar 30 oktober sjogge wy wer gesichten dy't troch de corona lange tiid net sjoen binne. Dan sjogge jimme inoar ek wer en hwat sil der dan omraek praet wurde. Ommers, oardeljier is in hiel skoft. Ús krite is yn novimber 110 jier âld. Hwat binne de tiden foroare. Doe oprjochte om friezen to moetsjen. De minsken koene nea nei famylje yn it âlde Fryslân.

It wie emigrearje yn eigen lân. Mar yn Hollân koe men wurk krije en mear fertsjinje. Wat binne de minsken ûnwennig wêst yn harren langstme nei famylje en freonen yn it heitelân. En sa waerd de krite oprjochte. Men seach friezen en koe efkes yn de memmetael prate. Doe't de Ofslútdyk kaem, koe men hwat better nei Fryslân. Doe kaem de bus. Yn

dizze tiid pakke we de auto en binne mei in ûre de dyk oer. We "appe" efkes dat we der oan komme. Dan is de kofje mar brún. Ja de tiid, de tiid hâld gjin skoft, de tiid is úzes mei elkoar, mar feroarret tige hurd. Wy kinne it hast net byhâlde. Of it allegearre yn ús foardiel is, wit ik net. Miskien sil de tiid ús dat noch leare. Folle kriteren kinne net mear bestean. Der komme gjin jonge minsken. Dochs "Troch de Tael Forboun" giet troch. We witte net hoelang, mar hoopje noch mannich jier.

Earst fiere wy in lyts feestje. As it krântsje komt is der ek wer de kwitânsje foar de kontribúsje. Us ponghâlder is bliid dat safolle leden foarich jier betelle hawwe. Derom ferheegje wy de kontribúsje en tagongspriis net. Fansels hoopje wy, dat de lottenferkeap wer aerdig hwat opsmiet. As it stik ôfroun is kinne we noch efkes neisitte yn de "Foyer". Anjo Boonstra spilet dan noch in mooi deuntsje.

Kom allegearre 30 oktober nei de Huesmolen en nim freon en goekunde mei.

Mei groetnis en oant dan, Tiny Dijkstra

Nij lid wurde yn 2021/2022 ?

Wat kriget men doarfoar ?

De libbene krite “Troch de Tael Forboun” organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (yellowbirds53@gmail.com).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:

Tine Bouman-Westra

Útnoeging foar 30 oktober 2021

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 30 oktober 2021 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it teaterstik:

"DOAZEN"

spyle troch

AKKRUMER DREAM THEATER

Fjouwer jier lyn hat it Akkrumer Dream Theater de minsken fan Akkrum en omkriten , mar ek rûnom yn it lân in protte toaniel-leafhawwers , prachtige jûnen besoarge mei it stik 'MUTSEN', skreaun troch Christa Warmerdam.

'MUTSEN' giet oer 5 suskes, dy't elts jier in wykeintsje mei elkoar op fakânsje gean. As se wer in wykein mei elkoar op paed binne komt de 6^{de} suster, dy't jieren net mei west is, foar it ljocht. Dit jout fansels in protte argewaasje, mar fansels komt it op 'e ein allegear wer goed.

'MUTSEN' is al mei al 11 kear suksesfol opfierd en raasde al gau om in waardige opfolger. It wie foar

de spylsters mar dreech om in passend stik te finen en de iennigste mooglikheid wie om self oan 'e slach te gean: self in stik te meitsjen. It winterskoff fan 2018-2019 binnen de froulju (Joke Poortman, Hennie Rorije, Nynke Bergsma, Yteke van der Wal, Nynke Bosma en Anneke Wiersma) al ymprovisearjend oan 't wurk gien ûnder lieding fan harren regisseuze Margreet Boer. Dit foarme it ramtwurk foar it stik 'DOAZEN', wat dêrnei skreaun is troch spylster Anneke Wiersma. De repetysjes fan it stik 'DOAZEN' binne op 't stuit yn folle gong!

Yn 'DOAZEN'sjogge we hoe't it de 6 suskes fierder fergiet. Wat hawwe se by 't ein? Binne de ferhâldingen noch hieltiid goed? Wat binne harren plannen en dreamen? Der is fansels wer in protte te dwaan ûnderling, mar dat kin fansels ek net oars mei 6 hiel ferskillende froulju.....

Yn 'DOAZEN'sjogge we it 'gewoane' deistige famyljelibben yn al syn fasetten: âld sear, ôfgeunst, wille leafde, proaste, mar boppe alles soarch foar en ferbûnens mei elkoar.

- **By binnenkomst kin fan elkenien in QR-koroana tsjek dien wurde – dy ha jo op de mobile tillefoan of op papier, of jo ha in jildich testbewiis (net âlder as 24 oeren), dat jo gjin koroana hawwe, of jo kinne mei in dokters-ferklearing oantoane, dat jo Koroana hân ha en dêrfan opbettere binne.**

Ferslach fan de jiergearkomste fan 25 septimber 2021

We kinne werom sjen op in noflikke jûn. Neist it bestjoer wiene 20 leden nei de Husmolen kaem.

De foarsitter iepent de jûn mei it weromsjen op in nuvere corona tiid . It is oardel jier lyn dat we as krite byinoar kamen. (28 febrewaris 2020, lytse jûn). Mar we sjoche ek foar út want yn novimber bestiet de krite 110 jier!

Dernei betinke we de fiif minsken die de it ôfroune twa jier ferstoarn binne.

We rinne rap troch de wurklist hinne.

Ferslach jiergearkomste 2019.

De skriuwer lest it ferslach fan de jiergearkomste fan 27 septimber 2019 foar, Der binne gjin opmerkings en de oantekens wurde goed kard.

Ynkommen stikken.

Der is ien ynkommen stik en inkelde ôfberjochten (Frou Tine Bouman, frou Alie Duiker , Jetske en Marinus Leenstra, Harmke en Paul Burggraaff en de hear Fokke Eijzenga).

It ynkommen stik giet oer de AG en M&Y middei , 9 oktober 2021 yn Harderwyk. Neist in oantal bestjoersleden giet ek ien fan de leden nei Hurderwyk.

It bewâld fan it bestjoer.

Douwe is de 2^e foarsitter en Harmke de 2^e ponghâlder. Renske soarget foar de PR en hat de nediche kontakten mei toanielploecken, minsken fan kabaret en sjonggroepen. Popke is al jieren ponghâlder. Jetske soarge mei har Marinus (die net yn it bestjoer sit) foar de boekjes. Mar dat giet no net mear om't hja nei Glimmen (tichteby Grins) ferfarren binne. Tiny is al wer inkelde jieren foarsitter fan 'e krite en wol dit jier noch wol trochgean. Jan is de skriuwer en hat it lêste boekje dien. Dan binne der ek noch inkelde minsken die net yn it bestjoer sitte mar wol wichtich binne. Tine Bouman soarget foar de "noed en soarch pot". As der immen siik is skilje Tine efkes sa dat hja in kaertsje stjoere kin. Diny Boonstra soarget foar de priizetafel en de sealpriisop 'e grutte jûnen. Anjo Boonstra soarget foar it musyk op de de grutte jûnen. En dan net te ferjitten alle minsken die de boekjes roun bringe. Foarich jier en dit jier binne Harmke, Renske en Douwe ôfgeand. Der binne gjin nammen binnen kaem sadat dizze minsken op en ny ynhierd wurde. Tiny hat 2 jier lyn sein dat hja yn 2020 stopje woe mar troch de nuver tiid die we efter de rech hawwe , bliuwt hja dit jier noch. Yn septimber 2022 hâld hja op.

Finansjeel oersjoch.

Yn it boekje steane de sifers fan 2020-2021 mar Popke hat de sifers oer 2019-2020 foar ús printe . It is allegearre dúdlik. Tige tank dat de measte minsken it ledejild gewoan betelle ha. Om't der gjin toanielploechen west binne en we gjin sealhier betelje moasten is de krite foarút buorke. We beslúte dat ledejild en tagongspriizen it komende winterskoft lyk bliuwe. It ledejild bliuwt €15,00. Foar in grutte jûn bliuwe de leden €5,00 beteljen en net-leden €12,50.

Rekkenopnimmers.

De rekkenopnimmers (Elly Bouma en Alie Duiker) hawwe de ponghâlder net op flaters betraepje kinnen. Hja hawwe de boeken fan 2019-2020 en 2020-2021 neisjoen. It seach der kreas út. Pyt van Straten nimt Elly Bouma har plak yn as nije rekkenopnimmer.

Wat sil der barre yn it winterskoft 2021 – 2022?

It program foar komend winterskoft is omtrint roun. Op 30 oktober komt It Akkrumer Dream Teater nei Hoarn mei it stik Doazen. Foar 22 jannewaris stiet ProRege (Holwert) op it program en op 26 maart komt it kabaretselskip Noordenbos en Ko nei Hoarn. Foar de lytse jûn (25 febrewaris)komt mooglik de hear Kamstra it ien en oar oer Fryske (portret) skilders fertellen.

Omfreegjen.

As immen in toanielselskip, kabaret ploech of sjongkoar wit en tinkt dat is wat foar de krite jou it troch.

Slúting.

Tsjin njoggenen kin de foarsitter dit part fan ' e jiergearkomste ôfslette.

Nei it bakje kofje mei koeke gean we meiionoar yn petear hoe as wy it ofroune coronajier belibbe ha. De ien hat in protte fytst, de oare hat puzzels lein (bytiden meer as 1000 stikjes) in oaren seach mear nei de tillevyzje as foar maart 2020 en wer in oaren ien hat in protte boeken lêzen

Troch dat eltsenien ek wat seit oer wer hy/sy berne is en hoe lang as er al bûten Fryslân wennet, leare we elkoar ek wat better kennen.

Douwe Egberts punten en de sponsors

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze waardepunten. De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite. De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze. Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?



De wurklist foar it kommende winterskoft 2021-2022 sjocht d'r sa út:

24 septimber 2021	Jiergearkomste
30 oktober 2021	Akkruumer Dream Theater mei: Doazen.
22 jannewaris 2022	Pro Rege mei: Yn 'e keetring.
25 febrewaris 2022	lytse jûn:.
26 maart 2022	Noordenbos & Ko

Frysk folksliet ("De âlde Friezen")



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.

En bûnzje troch ús ieren om!

Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.

It Fryske lân fol eare en rom.

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries
Till.: 0227 501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229 211749
e-mail: ddhoekstra@kpnmail.nl

Ponghâlder¹ en Popke Slange
Iede-administraasje: Till.: 0229 234881
e-mail: pslange@icloud.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden:

Renske Nauta- Haagsma Till.: 0229 237267 e-mail: dirkrenske@gmail.com	Harmke Burggraaff-Adema Till.: 0229 238284 e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl
---	---

Eareleden: De hear Popke Slange
De hear Eppie Kloezen



Lief en leed: Tine Bouman-Westra,

Till.nr. 0226-353385

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn